



AS DE FROUTSJES FAN HÛS BINNE
(Als de vrouwtjes van huis zijn)

In klucht

fan

ASTRID BAIJS en JAN TOL

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **AS DE FROUTSJES FAN HÛS BINNE – ALS DE VROUWTJES VAN HUIS ZIJN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteurs: **ASTRID BAIJS en JAN TOL** te vermelden.

De naam van de auteurs moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteurs mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2014 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

FRANK VEENSTRA

LOES VEENSTRA, syn frou

ESTER van DUUREN, mem fan LOES

MAARTEN VEENSTRA, heit fan FRANK

CORA de GRAAF, blind-date fan FRANK

WILLEMIEN de BRUIN, freondinne fan MAARTEN

KEES MIDDELIE, buorman en freon fan FRANK

JAAP DUBBELAAR, slotmakker?

DEKOR:

Oan de linkerkant fan it dekor sit in kastdoar. Yn de achterwand links in doar nei de hal en de oare fertrekken. Rjochts fan dizze doar sit in rût, dat op de dyk útsjocht. Oan de rjochterkant fan it dekor sit in doar nei de sliepkeamer. Links op it toaniel stiet in yttafel mei stullen. Rjochts stiet in bank en in salontafel. Op in lyts taffeltsje links stiet de telefoan. Fierdere oanklaaiïng nei eigen goetdenken.

EARSTE BEDRIUW

(moarns. At it doek iepengiet sitte Frank en Loes te iten. Frank sit kreas yn de klean, hy yt hastich de bôle op. Loes lykwols hat alle tiid fan de wrâld sa't liket en yt, yn de eagen fan Frank, tergjend stadich. Op de foargrûn stean twa koffers klear en op it salontaffeltsje leit in fel papier, dêr't Loes op skreaun hat)

FRANK: Do moatst no wier opsjitte hear, Loes.

LOES: No, kalm oan, Frank. Ik ha noch in kertier foar dat we gean, hear. Dat rêd ik maklik.

FRANK: Ja, do miskien wol, mar jim mem net. *(sjocht nerveus op it horloazje)* Wêr bliuwt se no?

LOES: Ja, dy moast har noch even opmeitsje.

FRANK: Grutte ûnsin! Dêr falt doch neat mear fan te meitsjen.

LOES: Hee, in bytsje ynbine, hin. Do hast it wol oer ús mem. Mar goed, ik sjoch wol even. *(triuwt in hap bôle yn de mûle en rint nei de sliepkeamer)*

FRANK: Einlings, trije dagen sûnder skoanmem. In ramp is 't! Sa lang 't se libbet, bliuwt se yn har eigen hûs, dêr krije we har mei sechtjin hynders noch net út. *(horloazje)* Ja! Tiid om te iten is der net mear. *(smart fluch in pear stikjes bôle)* Dy kin se moai yn de auto opite. *(docht de bôle yn in pûdsje en set dat op in stoel)* No opromje dy boel. At de tafel noch dekt is giet se breedút sitten te iten ek noch. *(pakt de fjouwer punten fan it tafelskleed fêst)* Fuort mei dy troep! *(docht de kastdoar iepen en smyt it kleed mei alles der op en der oan yn de kast)* Moai sa! *(sjocht dan wer op it horloazje en telt de sekonden lûdop ôf)* Fiif... fjouwer... trije... twa... ien! Noch in kertier en dizze jonge rint de frijheid temjitte. *(dan giet de telefoan)* Ek dat noch! *(nimt op)* We binne net thús! *(wol dellizze, skrikt, telefoan wer oan 't ear)* Cora!... Ik ha dy noch sa sein datst net belje moast... Nee, dat wit ik... Ja, Hoannestrijtte 16... mar... *(de doar fan de sliepkeamer giet iepen en Ester komt op)* Do stiest op de hoeke fan de strjitte?! *(Frank sjocht Ester, skrikt wer)* ...Nee, juffer, wy wenje net op de hoeke fan de strjitte en wy stappe ek net oer nei in oar enerzjybedriuw. Dizze befalt ús prima!

ESTER: Wie dat foar my?

FRANK: Hin? Eh... Nee... *(docht hiel aardich tsjin har)* Knettergek wurd je der fan, fan dy enketeurs, mem! Wolle se wer datst oerstapst op har enerzjybedriuw.

ESTER: En wat hat dat te krijen mei de hoeke fan de strjitte?

FRANK: Eh... No... it skynt dat je op de hoeke fan de strjitte djoerder út

binne mei enerzjy. Mar dat makket harren neat út, want se bliuwe fansels altyd folle goedkeaper as de oaren. No, ik ha sein dat we gjin ynteresse ha.

ESTER: We? Sûnt wannear giesto dêr oer? It is myn hûs en ik meitsje hjir út, oft we wol of net oerstappe. Tenei ropst my earst, begrepen?

FRANK: *(lit in sucht)* Ja, dat is goed, mem. Bin jo no klear? Dan kinne jim fuort.

ESTER: *(sjocht de koffers)* Hasto dat dien?

FRANK: Ja. Ik tocht lit ik myn skoanmem es even helpe mei de koffers. Dan hoecht se net sa te sjouwen. Doch aardich fan my, of net?

ESTER: Neat net aardich! Ik moast der noch wat út ha. *(rint nei in koffer en makket dy iepen)*

FRANK: Nee!

ESTER: Wat nee?!

FRANK: Eh..., ik bedoel... Nee, dat kin jo echt net dwaan, mem. Oars komme jim sekuer yn de file te stean.

ESTER: Dan gean we doch fanmiddei?

FRANK: Nee!

ESTER: Wat no wer nee?

FRANK: Dat kin net... eh... dat kin wol, mar dan komme jo yn dy oare file telâne.

ESTER: Hoefolle files binne der eins wol net?

FRANK: In hiel soad, de hiele dei troch. Mar at jo no fuortgeane, ûntrinne je se krekt allegear.

ESTER: Ja, ja! Ik ha it gefoel dat ik dy yn 't paad sit.

FRANK: Fansels net, mem. Mar jo rêde it grif wol. Ik ha jo bôle al smard. *(triuwt har it pûdsje mei bôle yn de hannen)*

ESTER: Wat moat ik dêr no mei?

FRANK: Opite fansels. Yn de auto! *(giet by de koffer sitten)* En wat moatte jo út je koffer ha?

ESTER: Dat giet dy neat oan. *(smyt it pûdsje mei bôle op tafel)*

FRANK: Dan kin it noait wat bysûnders wêze. *(docht gau de koffer ticht, pakt de oare derby en rint mei beide nei de doar fan de hal)* Ik set se fêst yn de auto. *(de doar fan de sliepkeamer giet iepen en Loes komt op)*

ESTER: Hâld him tsjin, Loes. Hy giet der mei myn koffer fan troch.

LOES: *(tsjin Frank)* Wat mankearret dy fanmoarn? It liket der wol op datst ús sa gau mooglik de doar út ha wolst.

ESTER: Ja, dat sei ik ek al.

FRANK: Fansels net, Loes. Goed, ik fyn it echt hiel slim dat ik net mei kin, mar oan de oare kant gun ik it dy ek wer hiel bot. En ik wol de koffers allinne mar yn de auto sette, sadat jim op tiid fuort kinne. Dat

is alles. *(horloazje)*

ESTER: En no myn koffer werom!

LOES: Wat moat je dan noch ha, mem?

ESTER: Ik soe my opmeitsje, mar troch al dat gedriuw fan dy fint fan dy, hie ik de make-up al yn de koffer dien. *(pakt de koffer oer fan Frank, dy't daliks wer op it horloazje sjocht. Sy makket de koffer iepen)*

FRANK: Goed, noch in pear minuten dan. Mar echt net langer. *(pakt de krante en giet der mei op de bank sitten. Hy ferskûlet syn gesicht yn de krante, mar net foar it publyk. Dat sjocht mei regelmaat syn reagearjen op wat der sein wurdt. De reaksje hinget ôf fan at it praat him past of net)*

ESTER: Wat mankearret dy fint fan dy? Hy is noait sa behelpsum west en alhiel net nei my ta. *(makket har op)*

LOES: Och mem, Frank sil de senuwen wol ha, dat wy trije dagen fuort binne en hy 'm jûns allinne rêde moat, at er werom is fan dy fergadering yn Utrecht. *(tsjin Frank)* Hast it listje noch trochnommen?

FRANK: Wat listje?

LOES: *(suchtet)* Dat listje dêr't op stiet watst dwaan moatst foar datst moarns fuortgiest en atst jûns wer thús komst, Frank!

FRANK: O, dat sjoch ik aansen wol even nei.

LOES: O nee! Dat nimme we no troch. *(pakt listje fan de salontafel en lêst lûdop foar)* Foar datst fuortgiest waskest fuortendaliks de boarden ôf, oars soe jûn de skimmel der wol es op stean kinne. Foar jûn stiet der bamy yn de koelkast en atst dat op hast, ek daliks de boarden en foarken en sa ôfwaskje.

FRANK: *(gjin ynteresse)* Ja, Loes.

LOES: Moarnier earst de keamer ôfstofje en stofsûgje. En tink derom datst de hoekjes goed meinimst. Dus net mei de Frânske slach, want foar'tst it witst stikt it hjir fan de fliejen. En alle moarnen dûse en skjûn ûnderguod en sokken oanlûke. Ik ha trije steltsjes foar dy klearlein yn de badkeamer. Foar elke dei dus ien. Nei it dûsen hingest it waskhantsje en de handoek te droegjen, foar datst it yn de waskmachine goaist. Dus net wiet, begrepen? De waskmachine sit al hast fol dus dy kin ek draaid wurde. Programma seis op 40 graden. Wol earst waskpoeier yn it bakje dwaan en dan pas oansette. Atst dêr... *(sjocht nei Frank)* Harkest wol?

FRANK: Wat? Ja... foar datst it witst barst it hjir fan de fliejen.

LOES: Wat? O ja... Jûn dochst de ruten fan binnen en fan bûten, dat ha ik no net mear oan tiid. Brûk it lear dat yn it rjochterkastke fan it oanrjocht leit. Dy oare net brûke, want dat jout strepen. Moarnier setst foar sân en de kontener bûten. De grize, net de griene, want dy komt

nije wike. Fierder moastst alle dagen minstens twa glêzen molke
drinke, dat is goed foar de bonken. Dus net ferjitte, hin?

FRANK: Nee, moarn de bonken bûten sette.

LOES: Do harkest echt net! Ik hie 't oer de molke, Frank.

FRANK: Wat moat ik mei dy molke?

LOES: Opdrinke. Alle dagen minstens twa glêzen!

FRANK: Ja, ja... Ik haw it.

LOES: Jûns om acht oere 'Goede Tijden, Slechte Tijden' opnimme. Op
RTL 4. Dat wolle we net misse, no mem?

ESTER: Nee, seker net. It is altyd sa spannend mei dy moarden.

FRANK: (*fansiden*) Soms soe ik ek wol in moard begean kinne.

LOES: Wat seist Frank?

FRANK: Eh... Der wurdt hiel wat moarde yn dy searje, spannend hear.

ESTER: En om healwei achten it waar fan Pyt Paulusma opnimme, op
SBS 6.

LOES: Wat hat dat no foar doel, mem? Wat ha je no oan it waar fan in
pear dagen âld?

ESTER: Ik hoech it waar ek net te witten, mar (*glimket*) ik mei it sa
graach hearre at Pyt seit: Oant moarn!!

LOES: (*tsjin Frank*) Nim dat dus ek mar op.

FRANK: Ja, ja... Ik ha it yn my opnommen.

LOES: En dan is der noch wat. Elke moarn it dekbêd en de kessens út
it rût hingje om te luchtsjen. Goed om it waar tinke, dat it net reint.

FRANK: Ja, dat hast al sein, dat ik Pyt opnimme moat foar mem.

LOES: Nee, net allinne opnimme. Sels sjen oft it reïne wol ja of nee,
oars wurdt de hiele boel wiet.

FRANK: (*suchtsjend, komt achter de krante wei*) Komt allegear goed.
Jou my dat listje no mar.

LOES: En it dan ferlieze seker! Nee. Ik hingje it hjir wol oan de doar.
(*pakt in punêze fan de salontafel en priipt it listje oan de doar fan de
hal*) Sa! Dat wie 't! (*net miend*) Ik hie fansels leaver hân datst mei ús
meigongen wiest. Mar ja, dit reiske is echt neat foar dy.

FRANK: (*skynhillich*) Spitich, ik hie my der sa op fergappe.

ESTER: No, ik fergapje my der no krekt op, no'tsto net meigiest!

LOES: Hè toe, we gean no hearlik trije dagen fuort, mem. (*tsjin Frank*)
Silst my misse? (*Frank skoddet heftich mei de holle, dat wurdt lykwols
net sjoen troch Ester en Loes*)

FRANK: Echt wol.

ESTER: Atsto him mar net mist! Lit dyn wille net bedjerre troch dat
hearskip. (*docht de koffer ticht, tsjin Frank*) Set de koffer no mar yn de
auto.

FRANK: (*ferromme*) Dat ha jo fluch dien! (*sjocht har lyk oan*) Ik moat

sizze mem, jo sjogge der geweldich út.

ESTER: *(oerdreaun freonlik)* Wat bedoelst, Frank?

FRANK: No, sa't jo je gesicht opmakke ha.

ESTER: *(bytsje flaaikjend)* Werklik, Frank? *(showt har gesicht foar Frank syn noas)*

FRANK: Jo sjogge derút om troch in rinkje te heljen, mem.

ESTER: Liger! Dat seist allinne omdat we sa fuort gean.

FRANK: Nee, wier net. Jo meie wol útsjen.

ESTER: Wêr moat ik foar útsjen?

FRANK: No, foar't jo der erch yn ha krije jo alle manlju achter jo oan.

ESTER: Ja, sjit no mar op. Set dy koffer yn de auto, dan kin ik dy files fan dy foar bliuwe, al leau ik der gjin wurd fan. O, earst even myn doar ôfslute. Want ik sjoch dy der foar oan, om yn myn spultsjes om te sneupen. *(docht de doar op slot, dan giet de telefoan. Frank skrikt bot en lit de koffer falle)*

LOES: Ik nim 'm wol. *(is al ûnderweis)*

FRANK: Nee! *(draaft nei de telefoan, mar Loes is earst)*

LOES: Mei frou Veenstra. Mei wa sizze jo?

FRANK: *(skuort har de telefoan út de hannen)* Dat is dyselde fan it enerzjybedriuw fansels wer. Ik weef wol mei har ôf. *(raast yn de telefoan)* Ik ha dy doch sein, dat ik gjin nij kontrakt fan jim ha wol... *(sjocht nerveus om en besiket wat te sizzen troch de telefoan)* Wachtsje even, bliuw oan de lijn,,, *(sjocht benypt achterom nei Loes en Ester. Dy stean mei te harkjen)* Gean jim alfêst mar nei de auto. Ik hannelje it hjir wol ôf.

LOES: Wa is dy frou en wat moat se?

FRANK: Wer fan dat stomme enerzjybedriuw.

ESTER: Moai! *(rint op Frank ôf en pakt him de telefoan ôf, Frank wol 'm wer werom pakke, mar Ester antwurdet al)* Mei frou van Duuren, Hoannestrijtte 16. Wat wolle... *(se sjocht even nuver yn de hoarn)* Ferrek! Ophongen. Wat in brutaliteit.

FRANK: *(alhiel ferromme)* Sis dat wol, mem. Wat in brutaliteit! *(pakt gau de telefoan en leit 'm teplak)*

LOES: We moatte daliks dat bedriuw belje en in klacht yntsjinje.

FRANK: Ja, dat sil ik aansen seker dwaan.

LOES: Nee, net aansen. No direkt!

FRANK: Dêr hasto gjin tiid mear foar. Trouwens, do hast har nûmer doch net?

LOES: O nee? It nûmer stiet tsjinwurdich op it display, Frank! *(wol nei de telefoan rinne, Frank hâldt har nerveus tsjin)*

FRANK: Lit dyn dei doch net bedjerre troch sa'n telefoniste, Loes.

ESTER: Dat fyn ik ek. Lit Frank it mar útsykje mei dat stomme mins.

(tsjin Frank) Sis mar tsjin har dat se it lef ha moat om hjir te kommen, dan sil ik har goed ûnder hannen nimme.

FRANK: No, dat sil ik tsjin har sizze, mem. En ik sil har seker ûnder hannen nimme! Mei nocht! Dat beloof ik jo. *(fleurich)* En no op nei de auto! *(wol de koffers pakke)* Dêr gean we dan...

LOES: Lit my mar. *(pakt de koffers op)* Ik kin se sels wol sjouwe, hear.

FRANK: Ek goed. *(rint op Loes ôf)* No, noflike dagen dan, hin? *(se jouwe elkoar in tút)*

LOES: En gjin gekke dingen dwaan, hin?

FRANK: Wat soe ik no foar gekke dingen dwaan moatte?

LOES: No... je witte it mar nooit. *(mei in bytsje klam)* Gekke dingen dwaan mei oare froulju miskien?

FRANK: Loes doch!

ESTER: Meitsje dy gjin soargen, Loes. Sels dêr is dy fint fan dy net ta by steat. *(rint heechhertich ôf nei de hal, Loes der achteroan)*

FRANK: Do soest es witte moatte âlde hekse! *(sjocht troch it rût nei bûten)* Wol even wis wêze dat se ek echt fuortride. Tsjonge, dêr gie it noch hast mis. Wat mankearret dy Cora doch om hjir twa kear hinne te beljen. En ik hie noch sa sein dat se net foar alven belje moast. *(sjocht wer nei bûten)* Moai sa, se stappe yn. Hiel goed, mem, riemen om, do ek Loes. No ride mar mei dy hap... *(we hearre de auto oanslaan)* Gelokkich, hy docht it. Ja, dêr gean se. *(weaut no útlitten foar it rût)* Daaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaach! *(draait him om en docht in dûnske fan freugde)* YES!! Myn leuke dagen kinne fan start. *(pakt de telefoan en sil belje)* Nee! Lit ik noch even wachtsje. Eins ek wol hiel stom fan my om al sa betiid ôf te praten. Se hie better fanmiddei komme kinnen. *(rommet wat op hjir en dêr, set de stuollen rjocht, rint nei de kastdoar, docht dy iepen en hellet der in bosk blommen út, nokkert)* Ja, ik moat fansels wol in goede yndruk op har meitsje. *(leit de blommen op tafel)* Wol spannend, sa'n blind-date. We ha wol in soad kontakt mei elkoar hân op ynternet, mar we ha elkoar noch nooit sjoen. Wa wit falt se yn 't echt wol tsjin. Of ik by har fansels, dat kin ek. No ja, ôfwachtsje mar. *(nokkert wer)* Skoanmem soe es witte moatte, dat se trije dagen op har keamer útfanhûzje sil en dat se dêr echt net allinne lizze sil. Trouwens, se wit noch mear net. *(hellet in kaai út de broeksbûse)* Sa'n reservekaai fan har keamer komt no wol hiel goed út! *(docht de sliepkeamersdoar fan 't slot, dan giet de bel)* Toe mar, dêr hast se al! *(ôf nei de hal, komt daliks wer op mei Kees, dy't in wite broek en in skipperstrui draacht en in wite pet op hat)* Hiel even dan, Kees. Ik ha 't ferskriklik drok.

KEES: Drok! Drok! Man, do hast it altyd drok. En dêrom bin ik hjir. Do moastst dy es even lekker ûntspanne.

FRANK: (*horloazje*) Dat doch ik wier wol.

KEES: No, at ik it goed sjoen ha, dan binne dyn frou en skoanmem krekt mei koffer en al ôfsetten. Wêr bin se hinne?

FRANK: Dy binne der mei syn beiden in pear dagen tusken út.

KEES: Soaoa! Dus do bist in pear dagen frijgesel? Dat komt dus hiel moai út. (*giet op de bank sitten, Frank bliuwt stean*)

FRANK: Hoe dat sa?

KEES: Kinsto moai in pear dagen mei my mei op de boat. Allinne is ek mar allinne.

FRANK: Eh... Nee, dat kin net Kees. Sa't ik al sei ha ik in drok programma.

KEES: Wat moat ik my dêr by foarstelle?

FRANK: Ik eh... moat de administraasje fan de saak heechnedich op oarder bringe.

KEES: Dêr gean we wer! Altyd de saak! Man, genietsje no es fan it leven. Op de boat kinst hearlik ûntspanne. En fan myn part nimst de administraasje mei.

FRANK: (*horloazje*) Ik soe hiel graach wolle, Kees. Mar dat kin echt net.

KEES: Do hast my beloofd datst in kear meigongst. Mar do hast altyd wol in ferlechje. Loes, of skoanmem. Dy binne der no net en no hast wer wat oars.

FRANK: Ja, sorry, Kees, freegje mar in oaren ien.

KEES: Ik wit gjin oaren. Do bist myn ienige freon.

FRANK: Witst watst dwaan moatst? Sykje in leuke frou. Do bist al dyn hiele leven frijgesel.

KEES: (*skamper*) In leuke frou! As soene se yn boskjes frij omrinne.

FRANK: Der binne genôch. Ik ha sels ek ien... (*skrikt fan syn wurden*) Eh... Ik ha ommers ek in leuke frou.

KEES: Do wol, ja. Mar op de ien of oare manier slagget it my net.

FRANK: Gewoan dyn bêst dwaan bliuwe. (*horloazje*) Sorry, ik wol dy net fuortstjoere, mar...

KEES: Dat wolst dus wol! Ik koe dy wol yn 't paad sitte. Do stiest mar senuwachtich op it horloazje te sjen. Ferwachttest soms ien?

FRANK: Ik?!... Eh... (*bytsje nerveus laitsjend*) Wa soe ik no ferwachtsje moatte?

KEES: Wit ik it. Dus do giest net mei?

FRANK: Nochris, ik hie graach wollen, mar hjoed it past net. (*rint nei de doar fan de hal en hâldt dy iepen foar Kees*)

KEES: Tsjonge sis! Wat hasto in haast om my de doar út te krijen. In slokje kin der doch wol ôf.

FRANK: Dêr is 't fierste betiid foar Kees. Dat hâldst fan my tegoede.

KEES: En dat neamt him myn bêste freon. (*at Frank neat seit mar by*)

de iepen doar stean bliuwt) Ja, ik snap de hint. *(oerein, dan mei klam)*
Ik wit net wat it is, mar it stjonkt hjir nei rottichheid.

FRANK: *(erchtinkend)* Wat bedoelst?

KEES: Neffens my bisto dy sels net. Wat is hjir oan de hân?

FRANK: Neat. Ik ha 't gewoan drok, dat is alles.

KEES: Ja, ja... mei dy administraasje. *(dan gnyskjend)* Komt dyn sekretaresse hjir soms?

FRANK: Eh... Hâld op mei dy flauwekul, Kees! Wat tinkst wol net fan my?

KEES: Neat. Ik sil it wol mis ha, sa'tsto seist. *(bytsje sarkastysk)* No, tige tank foar it slokje en de gesellichheid! Dan gean ik wol allinne mei de boat. *(rint nei de doar, sjocht it listje en lêst)* Ofstofje en stofsûgje... alle dagen dûse en skjinne ûnderklean oan... *(moat laitsje)* Dus dêr hasto it drok mei! Opdrachten fan de frou útfiere!

FRANK: Eh.. ja. Dat komt der ek noch es by. Dus do sjochst, der is gjin wurd Frânsk by, ik ha it drok.

KEES: Foar my dus in goede reden om noait oan in frou te begjinnen. Man, lit de boel de boel en gean mei.

FRANK: Nee, oare kear miskien, Kees.

KEES: Dan moatst it ek sels mar witte. *(sjocht noch even op it listje, skoddet de holle)* De ruten dwaan... Alle dagen twa glêzen molke... *(tsjin Frank)* Silst goed nei it froutsje harkje, Frank? *(ôf, Frank docht de doar ticht)*

FRANK: Dat er dat no wer krekt sjen moat! Trouwens, doch ik no sa oars dat Kees dy opmerkings makke? No ja, yn elk gefal hoech ik my net drok te meitsjen, dat er fierder noch wat sjocht, hy giet mei de boat fuort. *(telefoan, Frank is suver út de skroeven)* Soa, dy hat my in haast! *(nimt op, Kees docht de doar fan de hal op in kier en harket mei)* Mei Frank... Hoi... nee, se binne no allegear fuort... Hâld fan dy skatsje. *(Kees skoddet de holle, giet ôf, doar ticht)* Wat seist?... Ja, ik sjoch der ek sa nei út, om dy einlings te sjen... Ja, wit ik doch... No, oant sa skatsje. *(leit del, troch de doar fan de hal komt Maarten op. Hy heart noch de lêste wurden fan Kees. Maarten hat in reistas by him)*

MAARTEN: Gelokkich bist noch thús, Frank.

FRANK: *(skrikt)* Heit! Hoe komme jo deryn?

MAARTEN: Dyn buorman die de doar foar my iepen.

FRANK: O... Mar wat... wat sil heit hjir?

MAARTEN: Ik hie yn de holle om hjir in pear dagen te bliuwen.

FRANK: Wat?!

MAARTEN: Ja, is dat sa slim? Dyn frou en dyn 'leuke' skoanmem binne fuort en do daliks ek.

FRANK: Hoe komt... Hoe witte jo dat?

MAARTEN: No gewoan. Ik belle Loes fan 'e wike om te freegjen hoe't it mei jim wie en at ik wol es even delkomme koe. No, sa as gewoanlik snaude se my wer ôf.

FRANK: Ja, sorry, heit. Ik kin der ek neat oan dwaan dat jo net mei Loes en skoanmem opsjitte kinne.

MAARTEN: Dat leit net oan my! Dy twa meie my gewoan net. En wêrom? Ik ha se noait wat misdien. Mar goed, se sei dus dat ik net komme mocht en dat ik ek net mear hoegde te beljen, want do soest nei in fergadering yn Utrecht. Dus tocht ik, dan moat ik op tiid wêze, foar datst fuortgiest, dan mei ik fan dy hjir grif wol in pear dagen útfanhûzje. *(giet op de bank sitten, reistas neist de bank)*

FRANK: Eh.. Dat soe ik echt hiel leuk fine heit. Mar it kin net. Jo kinne hjir net bliuwe.

MAARTEN: En wêrom net? Do giest doch ek fuort?

FRANK: Eh.. Ja, dat wie it doel, mar alles is ynienen feroare. Ik... eh... ha hjir daliks in fergadering foar ûndernimmers en dy bliuwe trije dagen.

MAARTEN: Mar dat soe doch yn Utrecht wêze?

FRANK: Ja, dat is ek sa, mar it blykte dat de seal dûbel boekt wie. *(horloazje)*

MAARTEN: Kinst dan net ergens oars in seal hier?

FRANK: Nee! Dy sitte ek allegear fol.

MAARTEN: *(ek wat nerveus)* Dat is net sa moai.

FRANK: Nee, spitich foar jo dus. In oare kear dan mar, hin? *(wer horloazje)* Jo moatte der no wier út, heit.

MAARTEN: Hallo! Bin ik der al?

FRANK: Se kinne hjir sa wêze, heit.

MAARTEN: No en? Do skammest dy doch net foar jim heit?

FRANK: Nee, fansels net. Mar ik moat noch safolle regelje foar dat se der binne.

MAARTEN: Dan help ik dy ommers even, jonge. Sis mar wat ik dwaan moat.

FRANK: It ienige dat jo dwaan kinne, is dy tas pakke en fuortgean, heit. *(set tas by Maarten op de knibbels)*

MAARTEN: Dat is net sa moai.

FRANK: Ja, dat seine jo niis ek al.

MAARTEN: *(tinkt nei)* In kop kofje kin der ek net ôf? *(set de tas wer neist de bank)*

FRANK: Hin? O... no goed dan, mar dêrnei moatte jo echt fuort. Der stiet leau 'k noch wol wat kofje yn de keuken. *(ôf nei de hal. Maarten fljocht nei de telefoan en toetst in nûmer. Nei in pear tellen)*

MAARTEN: Kom op!... Pak dy telefoan no. Willemien... Ek dat noch! Gjin gehoar. Dêr giet myn kâns. Tocht ik hjir trije dagen om te húsmanjen mei myn nije freondinne. Yn it tehûs wol ik har eins net ha. Dêr komt allinne mar rabberij fan... *(de doar fan de hal giet iepen, Maarten leit de telefoan gau del en giet sitten, Frank op mei ien kopke kofje)*

FRANK: Jo kinne it sa opdrinke, want it is net botte waarm mear.

MAARTEN: *(nimt it kopke oer en drinkt)* Getferdemme! Dat is net te sûpen, man! *(set kopke del, sjocht de blommen, echtinkend)* Foar wa binne dy blommen?

FRANK: *(wer nerveus)* Blommen?.. O... eh... dy binne foar... Wit ik net. Is Loes seker fergeffen mei te nimmen.

MAARTEN: O... Witst it seker?

FRANK: Fansels wit ik dat seker, heit. Foar wa soene se oars wêze moatte?

MAARTEN: Hmmm... Foar deselde dy'tsto krekt oan de telefoan hiest doe't ik der ynkaam, en dêr'tst 'oant sa skatsje' tsjin seidest?

FRANK: *(skrikt)* Ik? Oan de telefoan? Ha ik dat sein? Wat ha jo noch mear heard?

MAARTEN: Neat, moast ik noch mear hearre dan? Fertel!

FRANK: Nee... eh... Dat wie... dat wie Loes.

MAARTEN: Oooooo, wie dat Loes?

FRANK: Ja, wa soe it oars wêze moatte?

MAARTEN: *(mei nochal wat klam)* Ja, wa soe it oars wêze moatte?

FRANK: Ja, presys! *(horloazje, noch nerveuzer)* No moatte jo echt fuort, heit.

MAARTEN: Ja, ik leau dat ik sa stadichoan yn de gaten krij wat 'm hjir ôfspilet.

FRANK: *(skrikkerich)* Wat soe 'm hjir ôfspylje dan? Der is hjir neat oan de hân en der spilet 'm hjir ek neat ôf.

MAARTEN: *(nokkerjend)* Fansels spilet 'm hjir wol wat ôf, jonge. Dat hast sakrekt sels sein.

FRANK: *(echtinkend)* O ja? Wat ha ik dan sein?

MAARTEN: Datsto hjir daliks in fergadering hast, jonge.

FRANK: *(ferromme)* O, dat!

MAARTEN: *(mei klam)* Tochtsto soms dat ik wat oars bedoelde?

FRANK: Nee. Wêrom soe ik dat tinke?

MAARTEN: Ja, jonge. Wêrom soest dat no tinke. Mar goed, jim heit giet wol hear. Do begjinst sa stadichoan aardich op dy beide froulju te lykjen.

FRANK: *(bytsje ferromme)* It spyt my wier, heit. We helje it noch wol es yn. Dogge we tegearre wat leuk. Goed?

MAARTEN: *(somber)* Ik wie no al fan doel om wat leuks te dwaan mei myn Wille... *(skrikt fan syn wurden)* Eh... wat leuks dwaan mei dy, fansels.

FRANK: Goed. Eh... dan sil ik no boppe even wat dingen by elkoar sykje foar de fergadering. Jo komme der wol út, no?

MAARTEN: Ja, gean do mar.

FRANK: Nei jo. *(pakt de tas en wol dy oan Maarten jaan)*

MAARTEN: *(pakt gau it kopke wer)* Earst dat lekkere bakje kofje noch even deldrinke.

FRANK: *(wer horloazje)* At jo dan ek mar fuortgean. *(ôf nei de hal, set tas op tafel)*

MAARTEN: Hy tinkt seker dat ik gek bin. Nee, menear bliuwt hielendal net thús. Dy bringt daliks de blommen nei syn skatsje. No, prima. Kin ik Willemien hjir moai ûntfange. *(fljocht wer nei de telefoan en bellet)* Wer neat! *(leit del)* Dy is fansels al ûnderweis! Mar, wat makket it út. Frank is doch sa fuort en dan ha ik it ryk allinne. *(sjocht om him hinne, pakt syn tas en giet nei de sliepkeamer, doar ticht op it stuit dat Frank opkomt)*

FRANK: *(sjocht even om him hinne)* Geweldich! Dy is fuort. Poe! Dat wie even spannend. No even de lêste ynspeksje yn de sliepkeamer. Want it moat der fansels al kreas útsjen foar myn skatsje. *(skodhollet)* Dat heit dat no krekt hearre moast. *(nei de sliepkeamer, sil de doar iependwaan at de bel giet)* Dêr is se!! *(sjocht dan betinklik)* O jee. At se heit mar net tsjinkommen is by de doar. *(fljocht nei de hal, de doar fan de sliepkeamer giet iepen en Maarten komt somber op mei tas)*

MAARTEN: En ik mar tinke dat er fuortgong. Mar hy skynt syn skatsje hjir thús te ûntfangen. Dan kin ik Willemien mar better opfange, foar dat se hjir foar de doar stiet.

FRANK: *(yn de hal)* Nee, hâld de jas mar oan, hear.

MAARTEN: Krekt. Dat kin dus even net! *(fluch mei tas ôf nei de sliepkeamer, doar ticht at de oare doar iepengiet. Frank is ek somber)*

FRANK: Dêr ha ik my no foar útsloofd! Dat wurdt dus hielendal neat! *(dan komt Willemien op, se is in stik âlder as Frank en sleept in koffer op tsjiltsje mei it toaniel op)*

WILLEMIEN: Sa, dêr binne we dan.

FRANK: *(teloarsteld)* Sis dat wol. Dêr bist dan.

WILLEMIEN: Is der oars gjinien thús?


FRANK: Nee, ik bin allinne! *(fansiden)* Wat soene se laitsje at se my mei har seagen.

WILLEMIEN: O. Witste, ik soe hjir foar trije dagen bliuwe mei...

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto